



150319.DFM

Oan:

Boargemaster & Wethâlders en de Gemeenteried fan *De Fryske Marren*;
ek ornearre foar mefr. Y. Kroes, De Jouwer

Ûnderwerp: ynspraak konsept beliedsnoata 'Frysk as it heal kin ...'

Drachten, 19 maart 2015,

Achte bestjoerders en gemeenteriedsleden,

Hjirby wolle wy as *Feriening Frysk Underwiis* graach in stikmannich kanttekenings en opmerkings meitsje by it konsept fan de taalnoata 'Frysk as it heal kin ...' yn de hope dat der omtinken oan jûn wurdt by de fierdere beliedstarieding op it stik fan de Fryske taal.

1. Yn syn algemienens jout de titel 'Frysk as it heal kin ...' en de fierdere ynhâld ús it idee dat it befoarderjen fan it Frysk suver allinnich fan-ûnderen-op komme moat en dat soks dan fasilitearre wurde kin. Wy sjogge temin ambysje om it Frysk in *werklik* lykweardich en lykberjochtige plak yn de mienskip te besoargjen. Der 'mei' wat tefolle en der 'moat' wat temin.

It beskriuwen fan it wetlik ramt ('de wetlike kaders') is frij flak en jout amper wer wat dêrfan de bedoeling is. Fansels is it sa dat de gemeente net folle te sizzen hat oer it mûnlinge en skriftlike taalgedrach fan syn boargers en bedriuwen, mar yn 'eigen hûs' leit dat oars. Dan moat helder wurde hokfoar taal of talen oft brûkt wurde yn it mûnlinge en skriftlike ferkear, wannear, wêrom en wêrta. En hokfoar (funksje-)easken oft de gemeente stelt oan syn wurknimmers en hokfoar (taal)betingsten oft der steld wurde yn it ramt fan it subsydzjebelied. De oanbefellings jouwe kânsen en mooglikheden, mar de Ried sil in kar meitsje moatte dy't it Frysk ek echt foarút helpt en dy't derta liedt dat it in *op syn minst* (oan it Hollânsk) lykweardich en lykberjochtige plak kriget. Dat is ek wat de Provinsje neistribbet.

Om besteande ûnlykweardigens ('inequalities') yn it taaldomein de facto en de jure te ferhelpen, soe men grif stipe hawwe kinne fan in goede algemiene rjochtsteory (in 'general theory of justice' op it stik fan 'justice, fairness and equality'). Yn dat ramt wolle wy ferwize nei in standertwurk op dat mêd fan Philippe Van Parijs (2011), *Linguistic Justice, for Europa and for the World*: Oxford University Press [Oxford Political Theory Series]. Dat jout ynsjoch yn de rjochtprinsipes en de histoaryske, sosjale, kulturele, psychologyske, kollektive, yndividuele, ekonomyske en politike aspekten dy't dêrmei anneks binne. Soks kin meihelpe om taalbelied better te fûndearjen.

Ien fan Van Parijs syn wichtichste stellings is dat eltse taal it rjocht hat om earne 'Queen' (Keniginne) te wêzen en op in beskaat grûngebiet de wichtichste taal te wêzen. Oars kriget dy taal, benammen as it in lytse taal is, it te dreech om him goed te hanthavenjen. Soks soe men by eltse beliedsmaatregel dus goed yn de rekken hâlde moatte en jins stribjen sadwaande rjochtsje moatte op dat 'Keninginne'-wêzen. Yn Fryslân fertsjinnet it Frysk dat plak. In konkreet gefolch soe dan bygelyks wêze moatte dat de plaknammen offisjeel yn it Frysk fêststeld wurde en dat dy op de kombuorden op syn minst boppe-oan komme te stean.

2. Yn it haadstik oer it 'Frysk yn de mienskip' (s. 12- 14) kriget it ûnderwiis omtinken. Der wurdt besocht om in beskriuwing ta jaan fan it pjuttewurk, de situaasje op en de ferskillen tusken guon basisskoallen en fan it fuortset ûnderwiis. It neamde projekt *Yntegraal gemeentlik ûnderwiisbelied* is net al te helder formulearre en

kin neffens ús ek net daliks in foarbyld wêze foar oare gemeenten. De oanbefellings geane net fierder as: ynformearje, stimulearje, it oanbieden fan kursussen en it útrikken fan prizen.

Hjoed-de-dei hat in gemeente amper foech op it mêd fan ûnderwiis. Der is in wetlike taak op it mêd fan gebouwen en oer de ûnderwiisinhâld hat in gemeente winliken neat te sizzen. En no't it iepenbier ûnderwiis op ôfstân setten is, hat de gemeente ek gjin ynfloed mear op it learplan fan de iepenbiere skoalle(n) yn de gemeente. Dochs soe de gemeente wol mear dwaan kinne. Bygelyks dernei stribje dat:

- op termyn *alle* pjutteboartersplakken op syn minst twatalich wurde, mei it Frysk as lykwaardige taal. Mei subsydzjes kin men dat besykje te stjoeren.
- op termyn *alle* basisskoallen trijetalich wurde, mei it Frysk as folweardich ûnderdiel fan it learplan en fan it lesmateriaal. Soks soe men (mei) stjoere kinne troch it ferskaffen fan krediten foar it gearstallen en/of oantugen fan les- en learmateriaal.
- der foar de bern/learlingen in *trochgeande learline* komt foar it Frysk foar de bern fan de pjutteplakken oant en mei de learlingen fan de skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis. De measte mooglikheden lizze der by it iepenbier ûnderwiis.

De *VLLT* (Vereniging van Leraren in Levende Talen) is fan betinken dat yn it fuortset ûnderwiis de talen kwalitatyf en kwantitatyf allinnich goed har gerak krije kinne as der wyks 3 à 4 oeren les (as fak) yn jûn wurdt. Dat jildt ek foar it Frysk. Boppedat kin de taal (folle) better en effektiver oerdroegen wurde as dy ek in yntegraal ûnderdiel is fan en fiertaal by oare wichtige fakken, bygelyks by de saakfakken, rekkenjen en wiskunde en de les- en learstof dêrfan.

3. As de gemeente it Frysk sêls (folle) mear brûkt, likegoed mûnling as skriftlik, en op dat mêd dúdlike (funksje- en beneamings)easken stelt, dan hat soks ek syn wjerslach op de skoallen. Dy sille it Frysk dan wichtiger fine en der mear oan dwaan. It ferheget de taalstatus en de taalmacht.

4. It foech oer it ûnderwiis leit yn de praktyk noch altiten yn De Haach en by de skoalbestjoeren (ek al mei de provinsje sûnt koart keardoelen foar Frysk formulearje). It opsetten fan in isolearre gemeentlik belied yn *De Fryske Marren* sil dus beheinde fertuten opsmite. It is en bliuwt in swier stik om bygelyks de gemeente- en plaknammen flot te ferfryskjen. In sintrale oanstjoering troch de provinsje as (op papier) wichtichste ferantwurdlike foar it Frysk taalbelied is hjoed-de-dei noch net foldwaande mooglik en soks liedt ta grutte ferskillen tusken gemeenten. It soe in goed ding wêze dat de gemeente(n) der wurk fan meitsje soe(ne) om de provinsje Fryslân mear ynhâldlik foech te jaan op ûnderskate mêden dy't mei taal en ûnderwiis yn Fryslân te krijen hawwe. Dan hoege gemeenten op dat stik net langer tsjininoar út spile te wurden.

Wy winskje jimme, mei op grûn fan it boppesteande, alle sukses ta by it fierder ûntwikkeljen fan it taalbelied foar it Frysk.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,
foar de *FFU*,

drs. T. Dykstra, *foars*.

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer*